

Asylsiker wurde kin elkenien

Marga Claus debutearre koartlyn mei de roman *Oxzana*, ferhaal fan in flechtling. Yn dy roman, dy't basearre is op it wiere ferhaal fan in Oekraynske flechtling út Afghanistan, jout de skriuwster in ynkringend byld fan ien flechtling út de grutte grize stream fan asylsikers. Mei de skiednis fan Oxzana as foarbyld wurdt dúdlik wat der allegear foarôf gean kin oan it beslút om jins lân te ûntflechtsjen.

GERBRICH VAN DER MEER

De Oekraynske studinte yn de microbiology Oxzana rint yn Kiev op de universiteit de man fan har dreamen tsjin it liif, de Afgaanske studint Galil. Oxzana en Galil trouwe en krije yn har stúdzjetiid twa bern. As de stúdzje klear is, wol Galil werom nei syn heitelân. Oxzana kin lykwols allinnich mar mei it lân yn, as se de Afgaanske nasjonaliteit oannimt. Hoewol't hja har Russyske nasjonaliteit dêrmei kwyt rekket, docht hja it, net beffend hoefolle iepen doarren hja dêrmei ôfslút.

As hja ienkear yn Afghanistan is, geane stadichoan de eagen fan Oxzana iepen foar de folslein oare kultuer dêr't hja yn bedarre is. It drege libben dat hja ûndergean moat, wurdt ûndraaglik as de hite azem fan de Mûdjaheddin, de Islamytiske fersetstriders, tsjin it kommunistyske bewâld fan Afghanistan hieltid sterker wurdt. Uteinlik ûntflechtet hja mei har twadde man it lân en giet nei Oezbekistan ta. Dêr kinne hja lykwols net bliuwe. Werom nei Afghanistan is lykwols gjin opsje. De Mûdjaheddin hat yn 1992 it bewâld oernommen: kommunisten wurde fermoarde. Oxzana kin ek net werom nei de Oekraïne, hja is ommers út frije wil Afgaanske wurden.

Der is gjin oare útwei as om wer te flechtsjen. Yn de haadstikken dêrnei wurdt de lêzer it flechtferhaal fan Oxzana en har bern gear mei al syn spannende, bearnjende, hoopfolle en beskamsume mominten.

Ingels en duvels

Oan 'e iene kant stiet de roman Oxzana, in ferhaal fan in flechtling, fier fan jo ôf; it is om sa te sizzen in 'ver-van-mijn-bed-show'. De Oekraïne, Oezbekistan en Afghanistan binne net allinnich letterlik, mar ek figuerlik fier fuort. Der hearskje dêr folslein oare noarmen en wearde en it tinken, hâlden en dragen fan dy minsken is foar ús meastentiids net werkenber.

Oan 'e oare kant snijt it ferhaal fan Oxzana jo troch de siele, en dat is werklik in hiele knappe fertsjinste fan in debutante. De haadpersoan Oxzana hat sa'n soad djippe krigen dat jo net ûntkomme kinne oan har minsklik ferhaal.

Dat de haadpersoan net optocht is, mar wier bestiet, makket har bestean yn de roman noch saillanter.

En trochdat de skriuwster der foar keazen hat om Oxzana fanút it ikperspektyf funksjonearje te litten, komt de haadpersoan jo wol hiel ticht op 'e hûd. De lêzer makket fan tichteby mei hoe't dy oprjochte, tagelyk nayve frou, opgiet yn it kommunistysk systeem en blyn is foar de lytse en grutte kûlen. De lêzer ûndergiet mei har de fernederingen dy't hja ûndergean moat yn Ruslân, Afghanistan, mar ek yn Nederlân; oeral op 'e wrâld wenje no ienkear ingels en duvels.

Brike setten

Oxzana nimt de lêzer foar har yn troch har oprjochtings, mar ek troch har earlikens oer har minne en brike setten. Oan 'e oare kant kin hja troch har moralistyske en nayve ynslach ek irritearje, bijgelyks as se harsels beskriuwt as in wite fûgel tusken alle gearre swarte. Dat de skriuwster Oxzana har fytze op it libben oan de ein fan it boek dan ek nochris eksplisitearre is oer en tefolle en liket in ûnder-skatting fan Marga Claus har eigen

skriuwkeunst. It boek lêst dat it slydjet, mar de skriuwster lit de lêzer ynhâldlik wol in pear kear sitte. It liket oft hat hja somtiden wat motiven op priemmen set sûnder it letter goed út te wurkjen. Wylst Oxzana wiidweidich fertelt oer de berten fan har earste twa bern, is har tredde bern der suver samar sûnder oankundiging. En dat wylst Oxzana Farid op in stuit it iennichste lok út har twadde houlik neamt.

De lêzer moat ek sûnder ynlieding begripe dat de famylje fan Galil nei de machtsoername fan de Mûdjaheddin nei Nederlân takommen is. Hoe't Faruk syn reis en ferbliuw yn de finzenis wie, wurdt de lêzer alhiel net mear gewaar.

Yn wearde hâlde

De roman, dy't neffens de werklikheid fan Oxzana foarm jûn is, lit sjen dat manlju en froulju dy't neffens opleine manljus- en frouljusrollen funksjonearje (moatte), sawol harsels as de oar enoarm tekoart dwaan kinne.

Yn it boek wurdt sa in enoarme ferantwurdlikens fan de Afgaanske manlju frege; tagelyk sjogge jo dat hja dy net altyd oankinne. Guon froulju út de famylje fan Galil meitsje elkoar bytiden hast ôf om yn dy beheinde romte dy't hja neffens de Afgaanske kultuer taskikt krije, harren sels te oopnearen. Oxzana komt út in hiel oare wrâld. Har hiele ik komt dan

ek yn opstân as hja har skikke moat yn har nije opleine en oannommen identiteit.


It lêzen fan Oxzana, ferhaal fan in flechtling konfrontearret jo ek mei jo eigen (Nederlânske) noarmen en wearde. Jo merke dat it oardieljen en feroardieljen yn de praktyk hiel ticht bijelkoar leit.

Sa foel it my op dat ik myn eigen noarm fan it hâlden en dragen fan in frou by it lêzen fan it boek as útgongspunt hâlde. Doe't Oxzana ienkear yn it asylsikersintrum yn Nederlân siet, ferdigene se de Afgaanske kultuer noch hieltiten. En dan merke jo hoe dreech it is om eltsenien yn syn wearde te hâlden... want jo wolle fansels it leafste dat hja no ek neffens 'de' Nederlânske noarmen oer manlju en froulju tinkt.

De roman Oxzana, ferhaal fan in flechtling, jout de haadpersoan optimale romte om har kant fan de medalje te fertellen. It jout in dúdlik byld fan Oxzana har werklikheid, dy't ôfwikseljend romantysk, fleurich, skokkend en benearjend is. It boek skuort jo mei yn de werklikheid fan in frou, dy't troch in beskate kear yn de skiednis, feroardiele waard ta flechtsjen. Der is gjin ûntkommen oan, it sykjen fan asyl kin alleman oerkomme.

Hjir besprutsen:

Oxzana, it ferhaal fan in flechtling, Marga Claus, Utjouwerij Fryslân, 322 siden, 34,50 gûne.



Marga Claus jout in benearjend byld fan it libben fan in flechtlinge.

90 18/10 2000

Foto: Frans Andringa